

Grundtvig-leartrajekt oer de Fryske kultuer

De Nederlânske stifting 'Fondaĵo Edukado.net' hat fan 22 oant en mei 25 maaie 2014 in leartrajekt rûnom it tema 'Fryslân en de Fryske kultuer' organisearre. It inisjatyf waard stipe troch it Grundtvig-projekt Libben Lang Leare yn it ramt fan in ynternasjonaal gearwurkingsferbân.

Fjouwer organisaasjes hawwe oan it programma dielnommen mei yn totaal in sechtichtal leden. Dizze organisaasjes wiene:

- út Polen (Nowy Sącz) it CENTRUM EDUKACJI MIĘDZYKULTUROWEJ
- út Nederlân (Den Haag) de stifting Fondaĵo edukado.net
- út Dútslân in filiaal fan de Deutsche Esperanto-Bund: 'Filiale für Weiterbildung und Kultur Herzberg am Harz'
- út Hongarije (Boedapest) de Kultura Esperanto-Asocio (KEA)

De feriening Esperanto Nederlân waard fertsjintwurdige troch Ineke Emmelkamp (bestjoerslid) en Arjen-Sjoerd de Vries (lid).

Tidens de earste twa dagen hawwe de bûtenlânske gasten Amsterdam en Den Haag ûntdutsen ûnder begelieding fan twa fertsjintwurdigers fan de stifting Fondaĵo edukado.net: Katalin Kováts (direkteur) en Sylvain Lelarge (bestjoerslid).

It wykeinprogramma (op 24 en 25 maaie) fûn plak yn Fryslân, dêr't de Fryske Esperanto-muzykgroep Kajto de begelieding oernaam. De gasthear en -frou lieten de groep trije Fryske stêden sjen: Snits, Hylpen en Ljouwert, dêr't de gasten op sneon ek it strjitfestival meibelibje koene.

Yn it hotel yn Snits waarden ferskate kulturele ûnderdielen presintearre, ûnder oaren op sneontejûn de folkloristyske dûnsgroep 'De Ljouwerter Skotsploech' (<http://www.ljouwerter-skotsploech.nl/startpagina's/nederlands.htm>), dy't nei har dûnsprogramma ek oer har kostúms en oer de Fryske tradysjes fertelde.

De oare dei joegen twa Esperanto-muzykgroepen in rige presintaasjes: 'Kapriol' (<http://www.mariantanl.nl>) fertelde oer Fryslân en de Fryske taal, en 'Kajto' (<http://www.nanne-ankie.nl>) oer specyfke kulturele aspekten fan Fryslân (sporten, bisten, iten en drinken, ensfh.). Fansels wie der ek it ien en oar te priuwen. In Frysk echtpear kaam noch specyfik oer de tradisjonele klaaiïng te fertellen. It muzyk- en dûnsprogramma (dêr't ek it publyk oan dielnimme koe) makke it gehiel kompleet.

Oer de presintaasjes en ferskate relatearre tema's ferskynt ynkoarten in online-kursus mei 10 lessen in de seksje LIBERAJ STUDIOJ fan www.edukado.net, mei teksten, tests, audiomateriaal en films, sadat de Esperantisten oer de hiele wrâld ús kennis fan dizze Nederlânske minderheid en har ryke kultuer diele kinne.

It folgjende trajekt yn it ramt fan dit projekt sil yn septimber 2014 yn Hongarije plak fine, rûnom it thema 'De wyn, fan drúf oant flesse'.